

Gouden Dagen yn Nijtsjerk



Toanielselskip 'De Bûnte Flinters' út Easternijtsjerk spilet dit jier Gouden Dagen, in stik dat yn 1993 ek troch harren foar it fuotljocht brocht is.

EASTERNIJTSJERK ■ It is in ein.

prachtich kluchtich blijfspul fan Froukje Annema mei werkenbere relaasjeproblemen, in psychologyske oanpak, jaloerske en te behelpsume buorfroulju en in hûseigenaar dy't syn freon helpe wol fanwegen in aventoerke mei in oare frou. Fierders is der in foarige hierder, in nije hierder en in tuskentroch ferhier foar in aventoerke yn it wyk-

Froukje Annema skreau prachtige stikken, dy't oan de dei fan hjoed nea ferfele. Se bringe spektakel, set minsken mei werkenbere problemen en eigenaardichheden del yn in moai dekor. De spilers fan de Bûnte Flinters wolle feitliks elk jier wol in stik fan Froukje spylje en hawwe no al in rol yn opsje foar it folgjende stik. Mar earst diz-

ze útfiering, twa mooglikheden om te kommen, in jûn foar eltsenien, mei koarting foar de skoalle bern en leuke priiskes yn de ferlotting.

De útfiering is op 27 maart en 4 april 2009 yn Doarpshûs De Terp om kertier foar achten.

Dit kear spylje mei: Bas Dijkstra as Jan, hierder; Natasja Wagenaar as Thea, buorfrou; Gaatske Jongeling as Juffer Tiemersma, buorfrou; Durk Weidenaar as hierbaas Wynsma; Durk Slager as Wibe, foarige hierder; Siemen Weidenaar as Johan en Grietsje Dijkstra as Maaïke.

De regy is yn hannen fan Annie Bremer, toanielmasters binne Lolke Bergema, Piet van der Ploeg en Durk Slager.